

SARA HAR DÛNS

Cvetka Bevc



Oersetting: Jantsje Post

oarewurden **druge**besede
||| | |

Co-funded by the
Creative Europe Programme
of the European Union



Cvetka Bevc

SARA HAR DÛNS

1. Getallen

'180° 42' 10'' noard en 12° 7' 36'' east fan Parys,' tinkt Amerikaanske Air Force luitenant John Willkinson op it stuit dat de fleanmasinemotors begjinne te gûlen. Hy werhellet de getallen, telt op, fermannichfâldiget en dielt se, besiket ferskillende kombinaasjes, hy siket syn taflecht yn it rekkenjen, it boartsjen mei getallen wurdt in dolk dêr't er syn eangst en de oantinkens oan syn baarnende fleanmasine mei stikkensnije kin, sadat de bylden oan flarden geane, dêrom werhellet syn holle hieltyd mar wer de koördinaten fan it militêre fleanfjild yn Nadlesk, op syn kaart oanjûn as Piccadilly Club, in adres yn 'e haadstrjitte yn Westminster, Piccadilly Street 100, ien fan de Amerikaanse fêstigingen op Ingelsk grûngebiet, dy't soarge foar amusemint en hoeren foar de soldaten yn 'e Twadde Wrâldkriich, wat troch guon minsken beskôge waard as in bedriging foar de goede Anglo-Amerikaanske relaasjes.

Mar op dit stuit tinkt John Willkinson net oan de namme fan it fleanfjild, dy't him yn it sin kaam doe't de âldere partisaan, dy't Detroit neamd waard, nei de Amerikaanse stêd dêr't er wenne hie, útlei wêr't it krekt lei, en fuort mar de gelegenheid waarnaam om wat oer himsels te swetsen, oer it sâlt dollen yn de Detroit Salt Mine, dêr't er yn dy tweintich jier net allinnich sâlt dold, mar ek de taal leard en rimmetyk skipe hie; krekt foar de oarloch wie er thúskommen en hie dêr de measte tiid op bêd omtoarke yn it hûs fan syn broer, oant op in nacht, in pear moanne nei de kapitulaasje fan Itaalje, de partisanen him ophelle hienen:

de Amerikanen komme deroan, en we moatte mei har prate kinne, seine se, en se lieten Detroit syn broer, dy't by de Wite Gardisten siet, gewurde, dat sadwaande prate Detroit sels mei de kolonel, sa't er him fertelde fan it momint ôf dat er yn it partisanehospitaal brocht wie.

Mar sels foar Detroit is der no gjin plak yn de holle fan 'e luitenant, de koördinaten fjochtsje dêr no tsjin it idee dat er oerbrocht wurdt nei ien fan de Italiaanske militêre bases, mei in frachtfleantúch foar ferwûne soldaten. Wylst it fleantúch opstiicht begjint er te triljen as in reid. Telle jout net mear. De stikkensnijde oantinkens komme fuortendaliks werom en foarmje in byld, dat hy letter taljochtsje moat yn in rapport, dêr't 15 augustus 1944 boppe stiet.

Ien fan de motors fan syn P38 fleanmasine bejoech it al ûnder it fotografearjen fan it earste doel, it hat gjin sin en brek him de holle deroer wêrom't de technisi it mankemint net ûntdutsen hienen by de feilichheidskontrole foar de flecht, hy moat him fuortendalik út 'e holle sette dat mankeminten by in fleanmasine fataal wêze kinne, yn fredestiid en yn 'e oarloch hielendal, hy moat gewoan syn flecht ôfmeitsje, de taak útfiere, mei ien motor minder kin men ek fleane, de doelen fan de fijân yn Dútslân binne wichtich, hy moat it stasjon yn Villach noch fotografearje, it sjitten is noch fierôf, nee, it komt tichterby, hy moat hegerop, it is net de earste kear dat er yn in loftgefjocht bedarret - it is de sânde kear, sân is in geloksgetal, hy sil it der libben ôfbringe, ek al is syn masine skansjearre troch de kûgels, hy wit al wat: hy kin nei de Joegoslavyske kust fleane, hy rekonstruearret de kaart yn 'e holle, hy kin net omsjen, mar draait sûnder erch de holle om, it fjoer ferblinet him, it foer baarnt him yn 'e eagen, in stekkende pine yn syn gesicht, hy moat by dat fjoer wei,

net allinnich minsken stjerre, fleanmasines stjerre ek, hy moat derút springe, der is gjin tiid om ôfskied te nimmen fan syn P38, hy kin in oare masine krije, mar dochs, farwol, âlde freon, do gûlst as in oansketten bist, der moat wat libbens wêze yn it binnenste fan de P38, miskien hat it in metalen hert, ien, twa, fiif, telle, gewoan de sekonden telle, want it is tiid om te lânjen, mei muoite docht er de eagen iepen, slein troch it tsjuster, it terrein is bulterich, yn syn eachweid fjochtet it middeissimmerljocht tsjin it opkringende swart, hy moat om syn skonken tinke, hy kin de eagen net mear iepen krije, de pine dy't him troch de skonken snijt, is slimmer as dy yn syn eagen, dan is it oeral tsjuster, ferdôving, it gewicht fan syn lichem as lead, acht, njoggen, alve, hy telt mar troch, om mar net út 'e tiid reitsjen, it sûcht him op as in draaikolk, krekt foardat it bart werhellet er: sân is in geloksgetal.

Sân is in geloksgetal, flústeret er nochris foar him út, wurden wurde een fersyk, in flok, in gebed, it getal sân dûnset him ergens yn holle om, as feroaret it yn in leauwe yn it lot; sa wie it ommers ek mei it berchfolk yn de slaggen fan 'e Isonzo, dat wie de reden dat it sokke fjochtersbazen wienen, dat hat Detroit him ferteld, dy syn heit wie yn it Eastenryks-Hongaarse leger: it leauwe is foarbeskikt, ast dy foar de slach realisearrest dat alles foarbeskikt is, kinst dy deroan oerjaan, de Bosnyske moslims wisten: as it boek seit datst sneuvelje silst, dan silst sneuvelje, as it wat oars seit, silst libje, mar luitenant John Willkinson wol libje, om te begjinnen wol er wer sjen, wêrom hawwe se him yn 'e frede wer blyndoeke foar dy pear oeren fan it transport op in brankaar fan it hospitaal ûnder oan de foet fan de Snežna Gora, in gearspanning sei Detroit, dy't oan 'e ein ta by him wie, fergemy, hoe moat er oait al dy kliuwen en kliffen en

rotsen, de beammen en rivierkes ûnthâlde, lit stean it kabbeljende praten om him hinne begripe, hy hat allinnich leard om dankjewol te sizzen en proast, as Detroit him wat wat drinke liet, mar hy kin it ferbân ommers wol fan syn eagen helje, hy stekt de hannen al út om syn eagen te befrijen, mar betinkt him, miskien is it dochs mar better en sjoch net hoefolle oare ferwûne soldaten as der neist him lizze te stinnen, dan herkent er de stim fan de dokter dy't syn eagen behannele en syn brutsen skonk setten hat, dat hy ferskikt allinnich mar wat, en siket syn taflecht wer yn de getallen, dat dy it winne fan de eangst, dy't him ta alle poarjes út komt, hy rûkt de soerige rook, hy set de tosken op elkoar, hy kin de moarnsmielen wol telle dy't syn mem klearmakke foardat er nei skoalle gie, betinkt er, fiif kear yn 'e wike apelsmots, maisbroadsjes en pankoeken mei ahornsjerp, twa kear yn 'e wike sinaasappelsop en opkloppe aai mei spek, hy wurdt der roppich fan, telt noch hieltyd de moarnsmielen yn Connecticut, de yttafel oerspield troch it ljocht fan de moarnssinne, en hy stekt it stikje bôle yn 'e mûle dat immen him yn 'e hân troppe hat doe't se oan board brocht waarden, en dat er oant no ta allinne stiif yn de rjochterhân hâlden hat, hy is wend rekke oan honger hawwen en de lytsje poarsjes iten, je moatte stadich kôgje om de yllúzje fan in folle mage te hâlden, hy kin de happen wol telle, fiif, seis, werom, werom nei de getallen, hy sil syn lot ferslaan, ek al moat er dat dwaan mei help fan bôle en syn geloksgetal.

De oarsprong leit yn it getal, dêrom binne getallen oeral, yn de oantsjuttingen fan libben en dea, úteinlik wurdt de ein fan 'e oarloch in jiertal, een optelsom fan de slachtoffers optekene yn in skiednisboek, de jierren fan 'e iene oerwinning nei de folgjende. Of nederlaach.

En samar ynienen hawwe de getallen yn John Willkinson syn holle in nij anker, hy lit it moarnsiten foar wat it is, hy giet werom nei de dagen dy't er trochbrocht hat yn dit nuvere lân, trijenentweintich dagen lyn is er hjir delkommen, hy rekkenet fluch, om kreker te wêzen 33.120 minuten lyn, it is gjin dwaan en tel de sekonden, mar miskien hat er gjin getallen mear nedich, want hy fielt him ynienen ûntspand, as is it ûndanks alles feiliger yn 'e loft as op 'e grûn, wat soene de fûgels tinke as se in fleantúch sjogge, mar se moatte har bern it wurd 'ierde' leare, noch ear't se fleane kinne, sadat se witte wêr't se lânje moatte, fûgels, hearskers fan 'e loft, in soart susterlike stipe foar de piloaten, hy is op 't lêst piloat, in trairid lid fan de Amerikaanske Air Force, dat moat er net ferjitte. En it soe ûnearfol wêze as er stoar oan board fan in frachtfleantúch. Dat mei net. Sa'n ûnglorieuze dea soe de grutskens fan syn heit oantaaste, dêr't dy alle dagen de medaile mei opwreau, dy't postuum takend wie oan syn broer David; it iennige dat der fan him oer wie, want syn lichem wie mei de fleanmasine opbaarnd of weiwurden yn see. En dat wie ien fan de redenen dat hy him oanmelde moast, drekt de folgjende deis, yn de hoop dat de stetoskoop syn bûnzjende hert net ferriede soe, it is gewoan de spanning, glimke er tsjin de dokter, dy't knikte, hastich, want de wachtsjende rige wie lang en ûngeduldich, sadwaande slagge it him om syn hertkwaal ferburgen te hâlden, in genetyske kwaal dy't letter syn eigen heit hommels nei de himel bringe soe. De himel is it plak dêr't goede minsken hinne geane, dat wienen de wurden fan treast foar syn mem, dy't oeren nei de loft stoarre nei't it nijs oer David syn dea kommen wie. Wie dat de reden dat hy nei it front gien wie as piloat? Of wie it fanwege it simpele feit dat er in fleankursus foar begjanners folge hie en yn 'e beneaming kaam foar in koarte ferfolchtraining, en úteinlik om't er âld genôch wie om ja te sizzen tsjin de propaganda-

affysje mei in dizenige foto fan in piloat as achtergrûn fan de tekst OP NEI DE OERWINNING U.S. ARMY AIR FORCE. Op nei de oerwinning! Op nei de loft! Foar David! Heit sloech him op it skouder, mem stoarre wer nei de loft, as sei se tsjin harsels dat John nei David ta fleach en as er dêr wie, moast er tsjin him sizze dat se de lekkens op syn bêd noch alle wiken ferskjinnet, omdat sels geasten har ergens deljaan moatte.

De wurden reitsje him as in gewearsalvo, hy begjint wer de happen te tellen, de lêste is fyftjin, it stik bôle is op, en mei de bôle hat er ek syn eangst trochslokt, syn harsens draaie op folle toeren: de fleanmasine is heech genôch en bûten berik fan de skoaten dy't fan lân ôf fjurre wurde en de Dútske Luftwaffe hat wol wat oars te dwaan as it loftrom boppe de Adriatyske See bewekje. Uteinlik sille se elies jaan moatte, der is op 't lêst in hiele loftwapenwedstriid geande boppe de wolken, dêr is syn grutskens wer, hielendal as je it ferlykje mei ien of oare Fritz is syn tarissing noch hielendal yn oarder, syn parasjút gong op tiid iepen, hy koe yn de winterske see delkomme en it dochs rêde, ûndanks de kjeld. Hoewol, sels by de Luftwaffe wisten se wol hoe't se op har mannen passe moasten, dat moast er dochs tajaan.

Mar wat luitenant John Willkinson net wit is dat de Dútske legertarissing perfeksjonearre is op basis fan risseltaten fan eksperiminten yn konsintraasjekampen. Dr. Sigismund Rascher, dy't direkt ûnder Reichsführer ss Heinrich Himmler stie, eksperimentearre mei gefangenen yn in simulaasje fan de omstannichheden boppe de 20.000 meter, hy brûkte it allernijste medyske ark om viviseksje út te fieren sadat syn befinings brûkt wurde koenen om de loftmachttarissing te perfeksjonearjen. De testpersoanen hienen altyd Luftwaffe-unifoarmen oan.

De Amerikaanske kant hie dan wol gjin konsintraasjekampen, mar wol in propagandamasine dy't net ûnderdie foar it demoanyske apparaat fan de Reichstag sels. Yn it U.S. opliedingskamp foar mariniers krigen jonges fan achtjin de fraach foarlein oft se ek meidwaan woenen oan it testen fan de doelmjittigens fan de nije beskermjende klean en maskers tsjin gifgas dat yn 'e Earste Wrâldkriich sa'n grouwélige útwurking hân hie, en sadwaande in hantsje holpen hienen om it ein fan de Twadde Wrâldkriich tichterby te bringen. Hast alle dielnimmers hienen lêst fan ynwindige en útwindige brânwûnen, se hienen allegear in eed om te swijen ôflein, op straffe fan berjochting neffens de spionaazjewet.

Noch slimmere eksperiminten waarden útfierd yn de goelach yn de geheime laboratoria fan de Sovjet-Uny, dêr't de gefangenen ferskillende fergiffen tatsjinne krigen om út te finen hokker fan de deadlike gemikaliën gjin smaak of rook achterlieten nei it deadzjen. Soks allegear nettsjinsteande it feit dat der yn de skiednis al ferskillende kearen akkoarden sletten wienen om sokke 'grouwélige en ôfgryslke' fergiftige wapens te ferbieden, sels iuwen lyn al, doe't de earste ynternasjonale oerienkomst oer it ferbod op gemyske wapens tekene waard tusken Frankryk en it Hillige Romeinske Ryk.

Dochs fûn ien fan 'e meast absurde ûngemakken mei gifgas plak yn de Italiaanske haven Bari. Fanwege dy swiere loftoanfal troch de Dútske loftmacht dy't in grut part fan de stêd yn pún lei, wurdt it wol 'Lyts Pearl Harbour' neamd. Mar wat lang ferburgen bleau foar it each fan de skiednis, wie dat ien fan de Amerikaanske skippen yn 'e haven dy't besketten waarden, de SS John Harvey, in grutte lading mostergas oan board hie, bedoeld om as wraakaksje tsjin de Dútsers te brûken sadree't dy gemyske wapens ynsette soenen.

De fracht fan it skip wie strang geheim hâlden en dat wie ien fan de redenen dat de medyske staf de earste 628 pasjinten mei symptoamen lykas blinens en gemyske brânwûnen net goed behannelje koenen. It tal boargerdeaden dat dat ta gefolch hie, is noait bekend wurden.

En lit Bari no krekt de bestimming fan it frachtfleantúch út Nadlesk wêze. 'Oer in oere... lânje we... ien oere... Bari,' seit dr. Mirko Rakovnik, foar wa't it behanneljen fan de Amerikaanske piloat net allinnich fan belang is omdat er dokter is, mar ek om't it rêden fan it libben fan in Amerikaanske piloat troch de partisanen bewiist dat de oerienkomsen tusken de Amerikaanske militêre missy's en de partisanen neilibbe wurde.

De luitenant fielt in djippe tankberens opwâljen, de dokter fûstket mei him om syn wurden te beklinken en de luitenant preuvelet de ynformaasje nochris foar him út, hy heart lûde ratteljende stimmen, de dokter is grif wat oan it útlizzen, rjochts fan him is ien oan it fluitsjen, hy besiket de meldij thús te bringen, it is in liet dat yn it hospitaal gauris troch de ferwûne soldaten songen waard, hy hat sels probearre om it te learen, mar dat waard neat, dat hy song leaver in liet út syn bernetiid tegearre mei Detroit, de Wabash Canon Ball: From the great Atlantic ocean to the wide Pacific shore/She climbs flowery mountain, o'er hills and by the shore/She's mighty tall and handsome, and she's known quite well by all/ You can set your watch to - the Wabash Cannonball...

Dat sjongen die er ek om syn bernetiid yn himsels yn libben te hâlden, de soargeleaze jûnen dat mem nei de radio harke, en om't er graach woe dat se mei likefolle niget nei him harkje

soe, learde er himsels in folksliet oer in fantasytrein, en makke der lokomotyflûden by, sadat syn sjongen begelaat waard troch mem har laitsjen, om't it altyd moai is as mem om jin laket. En dat jildt benammen foar Mrs. Mary Willkinson, dy't al har djipe tawijing en strangens bestege hat oan it opfieden fan har beide soannen.

Ik moat mem in brief skriuwe, sadat se wit dat ik noch net mei myn broer oan it fuotbaljen bin boppe de wolken, glimket er, miskien dat er har yn in iepenhertige bui fertelt dat er in famke moete hat yn it partisanehospitaal, in jonge ferpleechster mei fioletkleurige eagen, lykas mem harres - mar net dat it gesicht fan de frou dat er seach doe't er nei syn mislearre lâning wer bykaam, op harres like. It wie in yllúzje, hy wreau mei de hannen oer de grûn, kâld, rûch, mei stikjes stien deryn, like werklik as de beammen en de wyn dy't sêft oer de brânwûnen op syn fel blies en him witte liet dat er libbe, jawis, sân is in geloksgetal, ek al kin er de eagen suver net iepen krije... Hy seach út alle macht nei har, it byld fan in frou kin net ferdwine, sei er tsjin himsels, se tsjottere oan ien tried wei yn in frjemde taal, nee, dizze taal tsjotteret net, it is mear kabbeljen, as in lyts beekje oer de stiennen, hoewol't de frou nei de loft wiisde. Tito, partisanen, sei er, hoe giet it dermei? Elke Amerikaanse parasjutist wie tarist mei dat wachtwurd, it teken fan in ferbûn, de frou knikte, se holp him oerein, se wie sterk, hy line op har skouder, die hieltyd de eagen even ticht, hy hompele neist har, de pine yn 'e skonk gong him troch alles hinne, mar de frou kabbele mar troch en tôge him fierder, blykber hie se in doel foar eagen. It stie him net oan om ôfhinklik te wêzen fan har, in âlde frou, dy't op syn mem like en tagelyk foel der wat fan him ôf by it idee dat de ferantwurdklikheid foar syn libben op har skouders lei.

Se brocht him nei in âld stâl, gjin fee te sjen, allinnich stjonkend strie, de frou besocht him wat út te lizzen, hy loek oan de skouders, wat koe er ek oars, it ljocht ferdwûn wer út syn eachweid, hy die de eagen ticht, miskien dat er yn 'e sliep foel, ja hy foel yn 'e sliep, it wie al skimerich doe't in manljusgesicht mei in pet op 'e holle oer him hinne bûgde, in pet mei in reade stjer, hy wie blider om dy stjer te sjen as de man, dy't der letter foar soarge dat er yn it partisanehospitaal bedarre.

In stjer, in fiifpuntige stjer, in pentagram, symboal foar it hillige yn de minsk, symboal foar de fiif wûnen fan Kristus, dat beskermet tsjin heksen en demoanen, sa't Mrs. Mary Willkinson har soan froeger fertelde, as se him ynwijde yn de geheimen fan it leauwe en him de fiif ridderdeugden learde, dat hoe koe de luitenant net bliid wêze om dy stjer te sjen, en as er read is, is it in teken fan partisaanse bûnsgenoaten, hoewol't er foar it earst brûkt waard troch it Reade Leger om de glorieuze wei fan it sosjalisme te fersprieden, en hoewol't it flak foar de oprjoching fan de Sovjet-Uny ek brûkt waard troch de loftôfdieling fan it Amerikaanske leger op har fleantugen by har oanfallen op de marsen fan de Mexikaanske revolúsjonêr Pancho Villa, in nijsgjirrige ynwikseling fan symboalen, sa't ien fan de offisieren sei yn syn opliedingskamp foar de loftmacht, dêr't de rekruten ek learden hoe wichtich as it wie om in symboal op it goede momint te werkennen. En dit wie sa'n momint.

Alle oare dagen dat er yn it partisanehospitaal lein hie, wienen weisonken yn ien lange tsjusternis, it ferstriken fan de dagen hie er allinnich waarnommen troch it ferskjinjen fan it ferbân alle moarntiden, oant op in moarn, tsien dagen nei't syn fleanmasine delstoarten wie, dr. Mirko Rakovnik it ferbân

fan syn eagen helle, en hy ferromme yn it ljocht knipperje koe, en foar it earst Detroit mei de eagen sykje koe, dy't him fan it begjin ôf fermakke hie mei syn sjongen en syn ferhalen oer de minen, as er him net gewichtiger fragen stelde, wannear't dy oare man derby wie, de man mei it hease lûd, dy't witte woe wêrwei, wêrhinne, wat en wêrom, sadat er it gefoel krige dat er foar it ferhoar wie, mar dochs rêstich antwurde op alle fragen, der wie trouwens ek neat dat er better foar him hâlde koe. En soms frege er him ôf oft Detroit alles wat er sei wol begriep. Mar dat koe neat skele, oant it momint dat er de ferpleechster mei har fioletkleurige eagen seach, dy't in kear oer syn bêd stroffele en har wat ûntkomme liet dat nei alle gedachten in flok wie, sadat Detroit gnyske fan it bêd neist sines en ek doe fierder tsjinst die as tolk, oant it famke sels Ingelske útdrukkingen begong te brûken, se probearre safolle mear oan him te ferdútsen as allinnich bêd, iten, sinne, eagen, noas, stjer.

Ik haw gjin ôfskied fan har nommen, tocht luitenant John Willkinson fertrietlik, it barde allegear yn sân hasten, hy hie har dy hiele dei fan syn fertrek net iens sjoen, of se wie derby doe't se him blyndoeke hienen en op de brankaar oerleinen, om't syn skonk noch hieltyd yn in houten ramt siet, as ferfanging fan gips, lykas de slokjes krûdejenever út Detroit syn fjildflesse ferfanging wienen foar pinestillers, de pine ferdwûn op wûnderbaarlike wize alle kearen as er sêft de earm fan syn ferpleechster rekke. De earm fan syn ferpleechster. It wie him bêst dat se har soarch ek joech oan de oaren om har hinne, by syn bêd siet se meastal justjes langer, it wie beslist langer, oars hie Detroit net sein 'se hat in eachje op dy', dêr't er fan binnen om laitsje moast: sels yn oarlochstiden koenen moaie dingen barre.

En no besiket er him har laitsjen yn it sin te bringen, in soart nokkerjen, as se besocht om nije Ingelse wurden út te sprekken, it fleantúch begjint te sakjen, hy fielt it, hy wit de koördinaten fan Bari, 16° 45' 57", 41° 08' 21", hy begjint wer te boartsjen mei getallen, it fleantúch sakket, genôch tsjuster, hy taast nei it ferbân op syn eagen, mar in oar pear hannen is flugger, in bekend pear famkeshannen, dy't syn eagen befrije, sadat er optein ropt: 'Martina!'